




# Prik tsjin koroana: Krijst bywurkingen?

## Klachten


Guon minsken hawwe nei de prik gjin lêst. Mar kinst klachten krije nei de prik tsjin koroana. Kinst bygelyks in seare earm krije, op it plak fan de prik. Soms hast in tal dagen spierpine of koarts. Dy klachten neame we bywurkingen.



## Watfoar klachten?

Dit binne de bywurkingen dy'tst krije kinst:

- Pine op it plak fan de prik
- Pineholle
- Wurch wêze
- Spierpine
- Koarts



## Pynstilling

Dizze klachten duorje meastentiids 1 oant 3 dagen. Kinst wat nimme tsjin de pine. Kinst ek oare bywurkingen krije. Mar dy kâns is hiel lyts. Hast in soad klachten troch de prik, belje dan fuort dyn húsdocter.



## Fragen

Wolst útlis yn in fideo, sjoch dan op

**[corona.steffie.nl/vaccinatie](https://corona.steffie.nl/vaccinatie)**

Ast noch fragen hast, belje mei **0800-1351** (gjin ekstra belkosten).

